

Oan it Algemiene Bestjoer fan *Wetterskip Fryslân*
 Harlingerstraatweg 13
 8913 AA LJOUWERT

Itens, 18 septimber 2007

Underwerp: *taalgedrach Wetterskip Fryslân*

Achte bestjoer,

Hjirby lit ik jimme it koartlyn ferskynde *Swingel*-nûmer 18/2007 takomme mei dêryn in artikel oer in taalynsidint mei de belestingôfdieling fan jimme organisaasje okkerdeis. Dat dit taalynsidint op in struktureel probleem wiist, waard boppedat ûnderstreke troch in tillefoantsje fan in lêzer fan it blêd, frou A. Feitsma fan Grou. Dy hie inselde ferfelende en winliken diskriminearjende ûnderfining mei deselde wetterskipsôfdieling yn Stiens. It antwurd (subjectnr. 1148921, correspondentienr. 192503) op myn offisjele klacht by jimme organisaasje jout oan hoe't dat mooglik is.

Yn de provinsjale ûntwerpnoata Frysk Taalbelied 'Better sichtber, mear fertroud' fan juny 2006 is op side 8 ûnder it kopke 'Oerheden' as doelstelling/resultaat oant en mei 2010 oanjûn: "It Wetterskip Fryslân (hat) in oardering Frysk yn it skriftlik ferkear fêststeld". Yn de reaksjenoata fan 28 augustus 2007 (par. 2.4.5) is opnommen dat it Wetterskip dy doelstelling ûnderskriuwt en befoarderje sil dat sa'n oardering op 'e tiid ree is. Yn 'Fan Rjocht nei Praktyk', Beliedsplan Frysk Taal 2008-2010 (2007), wurdt op side 18 skreaun dat it Wetterskip op it stuit dwaande is mei in taalbeliedsplan en in taaloardering. Op side 19 werhellet de Provinsje de winske doelstelling dat it Wetterskip in oardering Fryske Taal yn it skriftlik ferkear fêststelt.

It foargeande jout my oanlieding ta in stikmannich fragen en opmerkings:

1. It Wetterskip Fryslân is in yn Fryslân woartele organisaasje en wurdt finansjeel (troch it ferplichte beteljen fan wetterskipslêsten) mei droegen troch de Friezen, dy't erkend binne as nasjonale minderheid in Nederlân en dy't foar in grut part in taal (Frysk) prate en skriuwe dy't erkend is as minderheidstaal. Yn dat ramt kin men de fraach stelle oft it Wetterskip it rjochtfeardigje kin om fan sokke ynwenners te freegjen oer te gean op in oare taal (it Hollânsk) yn de kommunikaasje.
2. De ôfdieling Stiens is tillefoanysk berikber ûnder tillefoannûmer 0900- 4938837 mei in sintrale dêr't de meiwurkers fan *gjin* Frysk behearskje en ek *net* leare sille, omdat hja *bûten* Fryslân wenje en wurkje. Is soks in bewuste en demokratysk nommen beslissing fan it Wetterskipsbestjoer?
3. As dat it gefal is, hoe ferhâldt him dat dan mei de útspraak fan it Wetterskip yn boppeneamde reaksjenoata?
4. Sa net, wat tinkt it Algemiene Bestjoer dan te dwaan om in ein te meitsjen oan in misstân, dy't Frysktaligen yn kontakten mei jimme organisaasje winliken twingt om harren taal op te jaan?

Ut ien en oar docht bliken dat der noch in (te) grut ferskil is tusken de **teory** (it op papier wurkje oan in taalbeliedsplan en in taaloardering) en de **praktyk** (yn tillefoanyske kontakten mei Frysktaligen fan harren noch altiten te freegjen, resp. te easkjen om op it Hollânsk oer te gean).

Dy kleau soe neffens my yn de diskusje by it Wetterskip oer it eigen ynterne en eksterne taalbelied in sintrale rol spylje moatte, benammen mei it each op it taseine beliedsplan en de taseine taaloardering.

In ôfskrift fan dit brief wurdt ek stjoerd nei *Deputearre Steaten* fan Fryslân, it *Berie foar it Frysk* en it *Konsultatyf Orgaan* foar it *Europeesk Hânfêst foar Regionale of Minderheidstalen*, omdat it fan belang wêze kin foar de kommende behandeling fan de nije Beliedsnoata Fryske Taal 'Fan Rjocht nei **Praktyk(!)**' yn de Fryske Steaten en de kommende diskusje oer in nije *Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer* mei it Ryk.

It goed en rjochtfeardich oplossen fan sokke kommunikaasjeswierrichheden rekket út soarte de takomst fan it Frysk.

Graach sjoch ik jimme reaksje yn 'e mjitte.

Mei achtinge,

drs. Th. Dijkstra
Hearedyk 9
8735 HN ITENS

Bylage:

Wetterskip Fryslân en Frysk taalbelied: hoe't slûpendewei ús taal ûnderstek dien wurdt. Yn: Swingel, nû. 18 / 2007 (s. 14-15), in útjefte fan de Ried fan de Fryske Beweging.